LEEUWARDER COURANT
16 september 2016, pag. 8

In persoanlik ferhaal fan twa minsken

Beiden hawwe se oait in bern ferlern, Froukje Reitsema en Popke van der Zee. Santjin jier letter hawwe se der in toaniel-foarstelling oer makke: *foar dy nei dy*. Pedagogyske bedoelingen ûntbrekke.

Sietse de Vries

Links en onder Popke van der Zee en Froukje Reitsema yn: *foar dy nei dy*. FOTO'S JILMER POSTMA

It wie yn 1998. Elric (26), de âldste soan fan Jan en Froukje soe in pear dagen letter foar it rydbewiis oan it learen. In freon hie betocht dat it goed wêze soe om al fêst wat te oefenjen en hie him oanbean in ritsje te meitsjen. By Onderdendam yn Grinslân ried Elric it wetter yn. Syn maat koe op 'e tiid út de auto ûntsnappe, Elric kaam fêst te sitten en ferdronk.

Froukje Reitsema: „Twa plysjes kamen by ús oan 'e doar om it te fertellen. Ik hie altyd al it gefoel hân dat soks oait barre soe. Elric libbe net maklik, op skoalle hie er al muoite om oansluting by de oare bern te krijen. Mei de wittenskip fan no, en nei't wy it dermei in eardere beukerliedster fan him oer hân ha, tink ik dat er heechbegaafd wie en mooglik it syndroom fan Asperger hie.''

It wie 1999. Popke en Wieke wiene de lokkige âlden fan trije dochters yn 'e boppebou fan de basisskoalle en in soantsje dat twa wike letter syn twadde jierdei fiere sillen hie. Foar harren hûs yn Mantgum is in âld swaaigat, dêr't de turfskippers harren skûtsjes eartiids draaiden. In stekje moast lytse Piter Durk op it hiem hâlde.

Popke van der Zee: „Dat hat ien iepenstean litten. Der wiene allegear bern foar hûs, ik tocht: ien hat him neinommen om te kuierjen. It wie sa'n moai jonkje, dêr woe elkenien wol mei kuierje. Ynienen komt Riemke – ús middelste dochter – de hûs yn. Se ropt: 'Heit, der leit in man yn 'e sleat'. Ik draaf der nei ta, ik haw him daliks út it wetter helle. It wiene allegear minsken, de dokter, de ambulânse, foar myn gefoel wiene se der daliks.''

GRIEN JASKE

Se troffen elkoar foar it earst yn de tsjerke fan Bears, by de útrikking fan de Rely Jorritsmaprizen. Se seagen elkoar oan en hiene it gefoel dat se elkoar koene. Yn de foarstelling seit Popke: „Der binne minsken dy sjogge it oan elkoar/ Froukje: dat sy ek in bern ferlern ha/Popke : ja, dan witte se it net, mar dat fiele se fan elkoar. ik ha dat net, mar hasto dat?/Froukje: nee, dat ha ik net, soks fiel ik net/Popke: nee hen?/Froukje: nee, ja, by dy fiel ik it, by dy wol.''

In skoftsje letter troffen se elkoar by in teaterfoarstelling yn de busremise fan Snits. Froukje: „Hy hie in raar grien jaske oan, ik frege him oft er meidie oan de foarstellng.'' Popke: „Dat hie'k my oanprate litten, ik haw it noait wer oanhân.''

Se rekken oan 'e praat en ûntdekten fan elkoar dat se beide sljocht wiene fan toaniel. Se kamen elkoar faker tsjin de jierren dêrnei en doe't Froukje op in stuit as regisseur in spiler mei ûnderfining nedich hie foar in foarstelling yn Grou, frege se Popke. Se rekken befreone mei elkoar, de jierren dêrnei ieten Popke en syn frou Wieke alle jierren wol in pear kear by Froukje en har man Jan en oarsom.

Oer it bern dat se beide ferlern hiene, praten se eins noait. In ûnderwerp dat geregeld weromkaam wie dat se nochris tegearre de planken op woene. Froukje hie earder wol in soad spile, mar letter hie se allinne mar warber west as regisseur.

Froukje: „Trije jier lyn, wy sieten by ús yn Lippenhuzen mei ús fjouweren te iten, sei ik: 'Ik tink dat ik der no oan ta bin om werris te spyljen'. En hoewol't wy it der noait oer hân hiene, wisten wy daliks wêr't it oer gean soe.''

Ek oer de fraach wa't it stik skriuwe moast, wiene se it daliks iens: Bouke Oldenhof. Popke: „Der is yn Fryslân net ien dy't sa ynteger en suver oer sa'n ûnderwerp skriuwe kin as Bouke. Wy kenne him beiden al jierren. Syn stikken hawwe altyd in lichtheid en in losheid, binne sa autentyk fan taal.''

„In soart natuerlike sûplesse,'' follet Froukje oan.

Popke, dy''t op dat stuit mei Hilly Harms repetearre foar it stik *Juster is fuort* fan deselde skriuwer, frege Bouke fuortendaliks oft er ree wie. Nei in wike betinktiid sei dy: „Ik haw al in idee: jim moatte it sels skriuwe.''

FRAGEN

Popke: „Dat bedoelde er net letterlik. Hy hat twa kear mei my praat oan de hân fan in oantal fragen en twa kear mei Froukje. Dêrnei hat er noch in kear mei ús tegearre praat. Hy hat alle petearen opnommen, dêrnei hat er ús ferhalen sa monteard dat der dialogen ûntstiene. En doe frege er: 'Is dit wat?'''

Se hawwe de tekst oan fjouwer regisseurs foarlein. De earste trije – allegear al wat âlder en mei in knoarre ûnderfining – seagen der gjin brea yn: der siet net genôch konflikt yn neffens har. De fjirde – Janneke de Haan, in stik jonger as de oaren – seach dat konflikt der wol yn, hielendal neidat Bouke Oldenhof de tekst hjir en dêr noch wat oanpast hie.

Popke: „Mar dêrmei wie it foar ús noch gjin útmakke saak dat wy it stik ek spylje soene. Wy sieten hiel bot mei de fraach fan it wêrom.''

Se lieten de tekst oan harren partners en bern lêze en bepraten it idee mei útfeartbegelieders, in routerapeut en minsken fan de Vereniging van Ouders met een Overleden Kind. Popke: „Dy seine: 'Der is safolle oer skreaun, mar in persoanlik ferhaal fan minsken dy't it sels meimakke ha, dat wurket. Dêr is ferlet fan'. Doe ha wy sein: wy sette troch.''

Mar neffens Van der Zee slacht de twifel ek no, in wike foar de première, soms wer ta. „Der binne mominten, dan fiel ik my sá feranwurdlik foar it tema. Hoe suver is it wat wy dogge? Wat makkest los by it publyk?''

„Wy hingje absolút de pedagooch net út. Wy fertelle de minsken net hoe't se de dea fan in bern ferwurkje moatte. Wy witte donderske goed dat elkenien dêr op syn eigen manier mei omgiet. Ik moat der net oan tinke dat minsken nei ôfrin sizze: 'Dus wy hawwe it altyd ferkeard dien'.''

WETTER

foar dy nei dy giet oer twa minsken dy't har fertriet elk op har eigen wize ferwurkje. Se prate der oer, se sykje de konfrontaasje. It krijt suver wat fan in wedstryd. Yn de belibbing fan it publyk stiet Froukje de iene kear foar, Popke de oare kear en tuskentroch stiet it gelyk. Froukje is soms lilk en opsternaat, Popke is de man fan de akseptaasje. Dat is yn it stik sa, dat is yn de wurklikheid net oars.

Mar ek fyftjin jier nei dato stekke de emoasje by Popke de kop soms wer op. Yn syn wurk bygelyks as learaar. „Twa jier lyn hie'k sa'n klasse mei bern dy't neat woene. It makke har allegear neat út. En as it misgie wie it mýn skuld, om't ik it net goed útlein hie. It wie noait har eigen skuld. Dêr kin ik net oer. Minsken dy't de kânsen net gripe dy't se oanbean krije. Minsken dy't mei ferlies te meitsjen hân ha, dy't sizze dat it libben neat mear wurdich is, ha'k ek muoite mei. Dan sis ik: 'Do hast in frou, do hast bern, stelle dy dan neat foar?' It hie miskien ek wol te meitsjen mei de leeftyd fan dy bern. As Piter Durk noch libbe hie, hie er like âld west.''

Janneke de Haan is in jonge, út Grou ôfkomstige regisseur, dy't al in oantal jierren yn Amsterdam wennet. Se is yn 2014 as regisseur ôfstudearre oan de Theaterschool yn Amsterdam. Doe't Bouke Oldenhof har de tekst fan *foar dy nei dy* lêze liet, wie se daliks entúsjast. „Mar ik haw daliks tsjin Popke en Froukje sein: 'Ik wol net dat it in terapy wurdt. As ik it doch, sjoch ik jim as spilers, net as de heit en de mem dy't in bern ferlern ha'.''

Froukje: „Doe't Popke en ik nei de earste lêzing yn Amsterdam weromrieden nei hûs, sei ik: 'Wat is dit moai. It is ús eigen stik, mar wy binne wol spilers'. En sa koene wy der ek nei sjen.''

Neffens in âlde wiisheid út de toanielwrâld moat in toanielspiler de emoasje dy't er staljout net sels fiele, mar moat er dy oproppe by de taskôger. Mar ek dêr binne Janneke de Haan en har spilers foarsichtich mei: „De taskôger moat wol romte hâlde om te asemjen.''

Dat is mei de reden dat *foar dy nei dy* net in foar 100 persint realistyske foarstelling wurden is, mar dat beide spilers harren emoasjes soms yndirekt uterje yn in frij abstrakte lichemstaal. Foarmjouster Geartsje van der Zee – dochter fan Popke en krekt as Janneke koartlyn ôfstudearre oan de Theaterschool – slút dêr mei har dekor by oan.

Essinsjeel ûnderdiel fan dat dekor is it marke De Leien. *foar dy nei dy* wurdt spile yn de boppeseal fan it paviljoen De Leyen, in pear kilometer bûten Rottefalle, mei it sicht op de mar. Janneke de Haan: „Ik tocht: it moat by it wetter. Beide spilers binne minsken fan de natuer, fan de romte, se hawwe wat mei de rêst dy't fan wetter útgiet. Dat it wetter ek in swarte kant hat, dat it de dea fan de beide bern symbolisearret, is fan sekûndêr belang. Al is dy dualiteit der wol fansels.''

Popke van der Zee ta beslút: „Dit is gjin foarstelling fan twa begrutlike minsken dy't weromsjogge op de trageedzje dy't har oerkommen is. Wy dogge ús bêst om it tema op in tagonklike, suvere manier foarm te jaan.''

> Wy fertelle de minsken net hoe't se de dea fan in bern ferwurkje moatte

De premjêre fan toanielfoarstelling *foar dy nei dy* is op tongersdei 22 septimber. It stik wurdt dêrnei oant en mei 20 oktober noch sân kear spile.
Plak: Paviljoen De Leyen, Bildreed 3, Rottefalle
Spul en teksten: Popke van der Zee en Froukje Reitsema
Rezjy: Janneke de Haan
Bewurking: Bouke Oldenhof
Senografy: Geartsje van der Zee

Sjoch ek op: www.deleyen.nl